

PHILIPPUS BREUKER

*De keunst
as útwei*

Biografy fan
Simke Kloosterman
(1876-1938)

BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan:

Jacob Krolfûns, yn behear by de Stifting Frysk Akademyfûns

Stifting FLMD

Stichting Moeder Wiersma Leen

Boersma Adema Stichting

Keninklik Frysk Genoatskip

Douwe Kalma Stifting

Provinsje Fryslân

© 2023 Philippus Breuker | útjouwerij Bornmeer

Foarmjouwing: Barbara Jonkers

Printwurk: Wilco, Amersfoart

Omslachbyld út portret Simke Kloosterman (1917) fan A. van Welie
(sj. bls. 81). Foto: Siem Akkerman Fotografie

ISBN 978 94 6471 079 3

NUR 524 | 681

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl.

De útjouwerij hat der nei sribbe de rjochten fan it byldmateriaal yn dizze útjefte nei te gean. Dyjingen dy't nettsjinsteande miene dochs rjochten jilde litte te kinnen, wurdt fersocht kontakt op te nimmen mei útjouwerij Bornmeer.

Bornmeer is in ymprint fan

20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl



YNHÂLD

- 9 *Selsportret*
- 11 *De famylje*
De heit foar syn trouwen 11
De mem foar har trouwen 19
It houlik 19
Omkes en muoikes, neven en nichten, foarâlden 26
 De Beintema's 27
 De Kloostermannen 38
 De Sikkama's en Wiersma's 42
It bedriuw 47
 De pleats ferhierd 49
 Ferfeantsjen 50
 Reidsnije en wylgeteannen bouwe 51
De leafhawwerijen fan de heit 52
 De molen 52
 Reizgjen 57
 Dichtsjen 59
 Yn de striid foar it behâld fan natuerskiente 63
 De tún 67
- 71 *De tiid*
De frouljusbeweging 71
Sosjale konflikten 75
Literêre kultuer 76
- 89 *De oplieding: in wûnderbern*
- 103 *De húshâlding fan 1898 oant 1901*
De flecht út Twizel 103
De húshâlding út elkoar 107

- 114 *Jonge leafde en freonskip*
De jeugdfreondinnen 114
De feinten 119
- 123 *Keazen foar in bestean as skriuwster,
en dan yn it Frysk*
**Nei it foarbyld fan de heit en
stimulearre troch Jan Jelles Hof** 135
- 143 *De persoan*
In opfallende ferskinning yn it doarp 147
Ferbergjen as twadde natuer 150
- 157 *De keunst as útwei: Grins, 1901-1914*
It libben yn Grins 157
Soarch foar en om har âlden 158
Freonen en kunden 167
Wêrom't se skreau 173
Skriuwe út ferkrongen pine 173
Har opfetting fan keunst en keunstnerskip 178
In krêfttoer 181
In hertstochtlke leafde of oars net as sjongersstof? 182
Ruth. In hânfol ieren 193
De Hoara's fen Hastings 196
- 201 *Twivel oer in Frysk skriuwerskip*
- 205 *Master op in soad wapens:
Den Haag, 1914-1932*
It libben yn Den Haag 206
Sosjaal Den Haag 207
De Fryske konneksje 220
In leafdesferbûn yn 'e keunst: Douwe Kalma 248
Leafde foar it eigen geslacht by beide? 251
De skiednis fan in muoisume leafdesrelaasje 259
Sporen fan de leafde yn it wurk fan beide 270
Kalma en Ate Wumkes 273

- Rispje** 277
It Jubeljier 278
Twiljocht-teltsjes. Mearkes 282
De wylde fûgel 287
Great teltsjeboek for Fryske bern 298
Hengist en Horsa (419 nei Chr.) 299

305 *De lêzers*

316 *De literêre krityk*

327 *Werom yn Fryslân: Ljouwert, 1932-1938*

It libben yn Fryslân 328

Persoanlik 330

Kultureel 339

Neiswylje 351

Spreuken 351

Ut de gielgoerde 356

De Fryske petiele 359

Lisck fen Eijsinga 364

De ein 366

NEIWURD 379

FOTOFERANTWURDING 385

NOATEN 387



Simke as famke fan fjouwer jier. Alder foto is net oerlevere.

Selsportret

In earste, tige misliedende mar tagelyk ek tige ûnthullende yndruk fan libben en wurk fan Simke Kloosterman kin men fine yn it mânske en prestizjeuze boek *Persoonlikheden in het Koninkrijk der Nederlanden in woord en beeld* út 1938. It troch harsels skreaune stik is amper of nea neamd en ek dêrom begjin ik myn biografy dermei. Yn it boek sels besykje ik dúdlik te meitsjen wat derfan kloppet en dan wurdt ek wol dúdlik, wat it oer har seit dat se soks skreau.

Kloosterman, Simke. Geb. te Twijzel (Fr.), als dochter van Jan Ritskes Kloosterman en Trijntje Jans Beintema; zij is geparenteerd aan vele oude Friesche families, als Siccama, van Scheltinga, van Broersma, Sytzama, van Rosema, Rispens en Buma. Haar voorouders waren sedert 1489 in Achtkarspelen woonachtig als eigenerfde boeren en ontginners. Als herinnering hieraan¹ voert het geslacht Cloosterman een kwartelkoning in haar zeer oud wapen. Van vaderszijde stamt zij af van den bekenden Oranjeman Wytse Binderts Cloosterman, in den patriottentijd door dwang 13 jaar adjunct-maire der gemeente Achtkarspelen. Zijn “dagboekjes”, waarin hij als ooggetuige de toestanden in die dagen beschrijft, o.a. het betalen der zeer hooge boeten van de Oranjepartij na het mislukken van het Kollumer oproer en de recruteering in de dorpen ten tijde van Napoleon, vormden den grondslag voor het schrijven

van den historischen roman “It Jubeljier”, 1787-1813 door zijn achterkleindochter Simke. – Van moederszijde komt de Friesche dichter Eelke Meinderts Beintema onder haar voorvaderen voor. – Nadat Mej. K. de H.B.S. en een kostschool had bezocht, volgde zij de schilder- en teekenacademie “Minerva” te Groningen. Voorts ontving zij van den bekenden componist J.A. Worp zes jaar muziekonderricht, e.w. piano, kerkorgel, compositielear en muziekgeschiedenis, terwijl zij zich onder leiding van v. Millingen in zang en declamatie bekwaamde. – Mej. K. debuteerde met haar Friesch letterkundig werk in 1898 met het vers “Winternocht” en de novellen “Beppe yn ’e fleur” en “Sybrich fen Botnia”, waarop spoedig vele andere verzen en novellen in Friesche tijdschriften volgden. Tot haar verder werk behooren “Ruth”, een novelle; “De Hoara’s fen Hastings”, een boerenroman; de reeds genoemde roman “It Jubeljier”, welke door den bekenden tooneelschrijver J.P. Wiersma als openluchtspel werd bewerkt; “Twiljochtteltsjes”, sprookjes; “De Wylde Fûgel”, verzen; “Great Teltsjeboek”, “Hengist en Horsa” en voorts nog talrijke verzen. – Behalve in Italië, waar zij langen tijd verbleef, vertoefde Mej. K. ook in Noorwegen, Zweden, Denemarken, Engeland, Zwitserland, Frankrijk en België, speciaal voor de natuur, historie en oud stedenschoon. – Behalve uiteraard voor letterkunde, heeft zij zeer veel belangstelling voor muziek en de inheemsche en buitenlandsche flora. – Ibisstraat 45. Leeuwarden.

It is in flattearre ferhaal. Krekt dêrom is it wier. Yn Simke har foarteam sieten rike en foaroansteande boeren, se wie keningesind en hold fan keunst en natuer. It is foar har tige karakteristyk: se belibbe de dingen út heger sfearen wei. En om dan ekstra goed útkomme te litten wat foar har fan wearde wie, die se der in skepke boppe-op en neamde se as feiten dingen dy’t net wier wienen. Ek dat oerdriuwen is karakteristyk. Yn har wurk kaam dy eigenskip har fansels goed fan pas, al wie it soms wol tefolle fan it goeie.

De famylje

Simke hat iennichst bern west. Mei bern yn it eigen doarp gong se net om. Sa is se grut wurden yn in hiel lyts fermidden. Har heit wie ek iennichst bern, dat bûten de eigen húshâlding wie it famyljekontakt foaral in saak fan memme kant. De mem hie fjouwer bruorren en susters en dy hat Simke goed kend, lykas ek har beppe fan dy kant. De oare beppe en de beide paken hat se net kend. Dochs koe de heite kant grutte ynfloed hawwe, want se waard berne op deselde pleats as har heit en as dy syn heit en pake en se groeide dêr ek op, wylst de mem út in oar doarp kaam en dy har famylje ek earne oars wenne. Op de pleats wienen ek âlde famyljepapieren. Simke hie dêr al ier belangstelling foar. Dy niget waard har bybrocht troch har heit, dy't bepaald grutsk wie op syn foargeslacht.


DE HEIT FOAR SYN TROUWEN

Oer de heit witte wy in soad, teminsten út letter jierren, safolle sels, dat der hast in boek oer him te skriuwen wêze soe. Dat soe net in ferfelend boek wurde. Sa binne der syn gedichten en ferhalen, mar der binne ek eigen deiboeken en ek oantekens fan oaren oer him bewarre.² Foaral dy deiboeken binne in *Fundgrube*, net allinnich foar it libben fan him, mar ek foar dat fan Simke.³ Se binne mei in pear ûnderbrekkings oerlevere fan 1863 oant 1914.⁴

Allerbelangrijkst.

[14-2-1893]

In het schriftboek waar op het omslag het
"Stadhuis van Dreux" staat, vindt gij het verloren
genaad. Christen, (betreffende onze Voorouders) -
helps wie roepen op onze Naam woorden, met vele
andere merkwaardigheden over onze aller goetste en
latere Voorouders. De Naam van Ritske o. 1000 meer
reeds voor Nederlandsen jaer reeds voortkomende en van
Jonghe, - En de kielde en het verloop daar van
van onzen Dierbare Vader en Grootvader
Ritske Wijtes Kloosterman en de geboorte ja-
ren van Kloosterman en on. en. - Bewaak alles zorgvuldig
Simke hoor! - J. R. Kloosterman



Stadhuis van Dreux (Frankrijk). — Hôtel de ville de Dreux (France).

Foarbyld hoe't Jan Ritskes hieltyd mar wer Simke op it hert bûn te tinken om
âlders erf. Dizze aantekening is fan 14 febrewaris 1893 en stiet yn in skrift dat
syn pake yn 1853 foar him kocht hie.

De oantekens binne hiel feitlik. Selden lit er emoasje merke.⁵

It byhâlden fan soksoarte oantekeningen wie gjin útsûndering. Hy kin it dus út tradysje wei dien hawwe, mar hy hie der dochs ek in doel mei. Under de riejouwingen sa't er dy oan Simke joech oer wat se al en net yn har libben dwaan moast, doe't se achttjin wie, komt ek dizze foar:

Houdt aanteekening van alles: van uwe wederwaardigheden, bekende sterfgevallen, van bijzonderheden enz. want dat is eene kleine moeite, en krijgt later voor u zelf en voor uwe nakomelingen, groote waarde.⁶

Hjir sprekt soarch om de famylje-eare út. Dat dy him hillich wie, blykt ek út inkele brieven dy't er oan de ein fan syn libben oan Simke en syn frou skreau. Simke wurdt mei de measte klam oanret om alle oantekeningen, boeken en oare sùveniers fan oerpake, pake, beppe Simke en him te bewarjen,

want dat is het eenigste wat de herinnering aan die Dierbaren levendig kan houden.

Om deselde reden moast se ek nea de pleats en it rinteniershûs ferkeapje mei wat der oan lân en hiem byhearde. De 'beide prachtige Lindeboomen' foar de pleats en de Moai Neeltsjeparrebeam yn it hôf waarden apart neamd.

Zeg dit ook aan uwe Kinderen en zij dit aan hunne kinderen en zoo van geslacht tot geslacht.

Oft it om dizze oanwizingen is, dat Ate Wumkes Kloosterman twingerich neamde en in tsjinsin yn him hie, wit ik net. Hy kin it ek by Douwe Kalma wei hawwe, dy't yn syn ûnfoltoege biografy oer Simke seit, dat de heit thús regearre en sinnich en opljeppen, wat apart en driuwerich wie. Wumkes lies de stikken fan Kalma mei. Dyn Simonides naam yn har biografy it oardiel fan Wumkes oer.⁷ It is min te sizzen oft Kalma mar spekulearre hat (wat er yn

dy stikken wol docht), of dat er him basearre op wat er fan Simke heard hie, mar ik lês yn de oanhelle riejouwings yn alle gefallen earder dat Jan Ritskes besoarge wie oer fan alles en noch wat.

Jan Ritskes waard berne op 23 febrewaris 1847. Syn mem, dy't stoar doe't er noch gjin twa wie, hat er tige mist. Hy dichte letter in tear oantinken. Faak hie er der letter oer prakkesearre oft er him neat fan har herinnerje koe, mar dat koe er net:

Maar dierbre Moeder, ik, ik kan gelooven, weten,
Dat ik heb aanschouwd eenmaal, van aangezicht tot aangezicht,
U zoo vereerde Vrouw, die Moeder ik mocht heeten,
Die mij heeft toegelacht, mij hulpeloos, mij teeder wicht.⁸

Neffens dat dichtstik hie syn heit him faak sein, wêr't it grêf wie. Dy woe, dat hy it altyd yn eare hold. Simke fertelde Wiersma, dat er yn letter jierren op har jierdei nei har grêf ta gong om dêr op 'e knibbels te bidden. Se wie begroeven yn Kollum. Yn 1909 makke er noch dit moaie gedicht op har, in sonnet:

For better oarde

Der strike Ingels del op 't ûnforwachts fen boppen,
Sa twisken 't wrâlds gewoel sims nei de ierde ou;
En dat nei koarten tiid torêch hja wirde roppen,
As wier it mear as al to lang der hinne, nou.

Stien' op in heeg're trap as de gewoane minsken,
Hja hearden net by de ierdeminsken op 'e wrâld,
Hja hiene heger doel yn al hjar dwaen en winsken,
Nei boppen wier hjar hoop, hjar opsjen en hjar hâld.

Net aerdsje koenen hja hjir op dy frjemde ierde,
Der wier hjar wenplak net, hja wiern' der út fen hûs,
Hja gyngen mar foarút wei fen 't ûnk en 't biswierde.

Sa wier der ién, dy yn myn allerearste jierren,
As 'n ingel for my wier, dy gau nei 't beste Thús,
Myn bêste Mem min wonk, 'kom wer yn 't Hege Fierren'.⁹

As lyts berntsje hat er in soad by omke en muoike Tseard en Saakje Wiersma yn Boerum west.¹⁰ Húshâldster Hinke Sjoerds Stienstra (1819-1910) hat him de earste jierren grutbrocht. Hy neamde har letter syn pleechmem. Sy troude yn 1852 en ferhuze doe nei Bûtenpost. Har man, dy't arbeider wie, stoar yn 1887 en sûnt socht Jan Ritskes har alle moannen op en naam er altyd in pûn Smith's kofje mei. Se kaam doe ek wolris yn Twizel. Nei har waarden faam Tsjitske Boonstra en yn 1871 Geartsje Vaatstra, dy't yn 1879 fuortgong, beide doe't se trouden.

Jan gong yn Twizel op skoalle. Hy wie noch mar fiif jier, doe't er der op 29 maart 1852 op kaam. Mooglik koe er doe al lêze, want yn jannewaris 1853 kocht er mei syn pake in skriuwskrift.¹¹ Pake en ek syn heit skreaunen dêr aardichheden yn, as bygelyks hoe't men it getal hûndert yn fjouwer gelikense siferletters sette kin, of om te witten wat getal ien yn 'e holle hie of hoefolle jild er yn 'e beurs hie. Sels skreau er der gedichtsjes yn oer. Yn febrewaris 1855 tekene er oan, dat er it boekje *Eerste honderdtal leezame verhalen fan C. Schmid fan syn heit krigen hie*.¹² Yn 1859 tekene er kaartsjes fan Fryslân en Súd-Hollân. Al as jonge pielde er ek mei de famyljeskiednis. Sa frege er yn 1860 syn pake Wytse Binderts nei har foarâlden.¹³

Syn heit woe him op 'e pleats ha, mar hy woe leare. Dat is ek bard. Nei de legere skoalle hat er noch inkele jierren by master Hendrik Leopold yn Bûtenpost op skoalle west. Dêr learde er de trije moderne talen. Grutsk dat er it koe grif, tekene er yn 1863 yn syn deiboek wat yn it Frânsk op. Hy lei doe ek in nij skrift oan mei oantekeningen oer ferkeapen, dêr't er fan skreau:

Annotations des biens vendus et de leurs prix. Dès l'année
dix huit cent soixante et trois.¹⁴

Leopold (1812-1882) wie fan 1840 oant 1881 haad fan 'e legere skoalle, mar hy sil ek wol les jûn hawwe oan de Frânske kostskoalle, dy't Feico Jehannes Poutsma fan 1861 oant 1870 yn it lettere gemeentehûs Nijenstein hie,¹⁵ en ik nim dan ek oan dat de jonge dêrhinne gongen hat. Yn oktober 1870 tekene er oan dat Rendina Leopold, in dochter fan Leopold, 23 jier en tsien moannen âld, yn Dedemsvaart stoarn wie. Sokke stjergefallen fan lju fier om utens neamde er oars net, dat hy moat har goed kend hawwe. Se wienen ek like âld.

Stadichoan waard it doe tiid om thús op 'e buorkerij te helpen. Dêr is út de deiboeken wol in idee fan te krijen. Ut dy fan 1863 en 1864 blykt al, dat er doe yndied al op 'e pleats wurke, mar ek, dat er doe noch net sa'n soad die. Melke wurdt bygelyks net neamd. Nefkens ien fan de sislju fan Jaarsma prate er nea oer it fee. Oan fee hie er in hekel. Wol giet it al daliks yn jannewaris 1863 oer hjouwer en bûter dy't ôflvere waarden. Yn maart waard der ierappelset, yn maaie gongen de earste melkekij nei bûten, der waard siedde, meand, letter sichte en bargeslachte, mar oft hy dat sels allegearre ek die, is de fraach. It liket der mear op dat er it libben op 'e pleats beskriuwt. Meast giet it oer pleatsen dy't ôfbaarne, lepen dy't komme, ljipaaien dy't fûn wurde, de koekoek dy't foar 't earst ropt, waar en wyn en reedriden, mar ek it fieren fan it Ferlossingsfeest fan 1813 en it Akademyfeest yn 1864 te Grins wurde net fergetten, likemin as it oanlizzen fan de ierdebaan fan it spoar by Sânbulten. Op 4 maart 1863 ferskeat der jûns om sân oere in stjer, 'zoals men gewoonlijk zegt in het Z.W. waarvan het in de huizen, die de lamp nog niet op hadden, licht werd, hetwelk veel langer duurde dan weerlicht'. Dat hat fansels in komeet west.

Wêr't er dan ek al wakker niget oan hat, is it folgjen fan it waar. Dat bliuwt sa oan de ein ta. Hy notearre it soarte waar, sûnder dat oars systematysk en dei foar dei te dwaan. Wol hie er in barometer en in termometer. Ek blykt yn 1902 dat er it tydskrift *Meteorologie* lies. Dat wie yn 1900 foar it earst ferskynd, wol in teken dat er in grutte belangstelling hie. Neffens Simke soe er korrespondearre hawwe mei Buys Ballot, mar dat wol my net oan, sjoen it net sa bysûndere karakter fan syn oantekeningen, en yn de korrespondinsje fan Buys Ballot is dêr ek neat fan te finen.¹⁶

Hy reizge yn syn feintejierrren ek al in soad. Simke hie in foto dêr't er op stiet te Aurich as er achttjin is.¹⁷ Dat wie dus yn 1865. Yn 1871 reizge er by de molen yn hiel Fryslân lâns en yn de folgjende jierren by dy yn de rest fan it lân. De leafde foar molen skynt er al hiel jong skipe te hawwen.¹⁸

Al jong begong er ek te skriuwen. It âldst bewarre deiboek is fan 1863 en de earste gedichten dêryn fan 1870.¹⁹ It liket derop dat er ek al jong niget hie oan de ôfkomst fan syn foarfaars. Foar 't neist hawwe der in soad papieren op 'e pleats west dy't er dêrfoar brûke koe, mear noch as dêr't wy no noch fan witte. Sa tekene Simke op in leech plakje yn it deiboek dat oer de jierren 1867 oant 1881 rint, 'volgens een oude aantekening' berte- en doopdatum fan Antsje Wyttes fan Bouwekleaster oan. Op 9 juny 1892 makke Kloosterman mei syn frou en Simke in reiske nei it stamhûs dêre. Se beseagen alles, sa't er yn syn deiboek notearret. Oft hy it betocht hie of Simke, stiet der net by.

Neffens Simke wie er folle by de jonges fan ds. Fockens. Fockens stie fan 1818 oant 1867 te Twizel. Dy jonges wienen lykwols folle âlder, de jongsten wienen fan 1832 en 1839, dat oft dat ferhaal wol kloppet? Miskyn kaam er yn 'e pastory doe't er in jier of fyftjin wie. Doe wenne Herman fan 1839 noch yn 'e hûs. Yn it befolkingsregister fan 1860 hjit er notarisklerk. Dy gong yn 1867 net mei de oaren nei Amersfoart, mar ferhuze nei Stiensgea. Everhard fan 1832 wie yn 1860 de doar al út. Yn 1850 hjit dy kruddenierslearling. De Fockens'en wienen neffens Simke minsken fan smaak en muzyk.

Se neamde har heit o sa muzikaal. Hy hie fioelles hân. By syn âlden hienen se in piano, dy't frjemd genôch yn 1881 ferkocht waard, doe't der boelguod op de pleats holden waard.²⁰ Mar miskyn hat Jan Ritskes him betocht en dy piano holden, want yn 1892 blike se neffens de deiboeken ien te hawwen. Neffens wat se oan Wiersma fertelde, hie har heit in koar yn Twizel oprjochte. Mooglik hat dat dan yn de jierren santich west. Se soenen rûnom hinne gongen wêze te sjongen, nei Burgum en ek nei Drachten. Hy dirigearre en begelate mei de fioele.

Ik ha ek wolris tocht, dat hy de boer wie dy't de Italiaan Edmondo de Amicis (1806-1908) om 1874 hinne yn 'e trein fan Ljouwert nei Grins trof, mar der sille grif oaren west hawwe, oan wa't tocht wurde kin.²¹ De Amicis fertelt mei grutte ferwûndering yn syn ferslach fan in reis troch Nederlân oer in moeting mei ien dy't er oansjocht foar in boer. De man stapte yn op in lyts stasjon tusken de beide stêden. Hy spriek de Italiaan yn it Frânsk oan mei de wurden: 'Ennuyeux .. n'est ce pas?' It die bliken dat er it lânskip bedoelde, sa plat en sûnder bergen. Hy beklage him dat er noch nea bergen sjoen hie. Hy woe ynkoarten nei it Wiesselske bosk by Apeldoarn. Dêr wie it 104 meter. Doe frege er him ta syn ferbazing nei dingen út de aktuele Italiaanske polityk. Hoe koe in boer soks witte? Sa frjemd hat dat oars fansels net west, want ien dy't it ynteressearre, koe it wol yn de kranten fine. Mar noch grutter waard syn ferbazing doe't dy boer by it útstappen yn Grins Dante yn it Italiaansk sitearre: 'Nel mezzo del cammin di nostra vita',²² de earste rigel fan it *Inferno* út de *Divina Commedia*. Dat hoecht noch net te betsjutten dat hy it wie, want Dante wie yn Twizel en omkriten net ûnbekend. Yn 1878 hie de dûmny fan Burgumerheide, Ulbo Thoden van Velzen, him yn it Nederlânsk fertaald en útjûn. Italiaansk hie Kloosterman him neffens Simke boppedat pas oanleard doe't er al sechstich wie.²³ Mar in pear rigels oanhelje is fansels wat oars. Neffens Simke koe er Goethe en Shakespeare sitearje. Ek dat soe kinne, mar men moat wol witte dat Simke it oan J.P. Wiersma fertelde en it graach moaier foarstelde as it wie.

Fan ferkearing heart men net. Wol hat er neffens Douwe Kalma stike om Grytsje Roels Kuipers fan Twizel. Sy woe net, omdat er as rike boeresoan sa fier boppe har stie en 'faeks wol hwet apart' wie. Dat hie er fan Grytsje sels.²⁴ Dat it wier is, hoecht net oan twivele te wurden, want Kalma hie befreone west mei har jong ferstoarne soan, dy't as Marten Baersma in bekend Frysk skriuwer west hat. Sy wie fan 1851 en troude yn 1881.

Simke hat noch in oar ferhaal. Sy fertelde Wiersma, dat har lettere heit op in snein mei in maat op it hynder nei in gearsit te Ie west hie. Se dienen in slach troch de buorren en troffen acht